

rrf

REFERINSJERAMT

FRYSK



F

referinsjeramt Frysk

AUTEURS:

Theun Meestringa (SLO)

Anita Oosterloo (Anita Oosterloo Taal en Educatie)

UTJEFTE:

Afûk

Leeuwarden/Ljouwert

Kolofon

AUTEURS:

Theun Meestringa (SLO)
Anita Oosterloo (Anita Oosterloo Taal en Educatie)

YN OPDRACHT FAN:

Konsortium Evaluaasjesysteem foar it fak Frysk:
Afûk (projektkoördinaasje)
Sintrum Meartaligens / Cedin
Lektoraat Taalgebruik & Leren / NHL
Frysk en Meartaligens yn Underwiis en Opfieding
/ NHL en Stenden Hogeschool

REDAKSJE:

Afûk

LAY-OUT EN OPMAAK:

Studio Tink

UTJEFTE:

Afûk
Postbus 53
8900 AB Leeuwarden/Ljouwert
© 2015 Afûk
www.afuk.nl

It referinsjeramt Frysk is mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân.

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde sûnder foarôfgeande tastimming fan de útjouwer of de auteurs.

provinsje fryslân
provincie fryslân 



referinsjeramt Frysk

Foaropwurd	7
Diel I It referinsjeramt Frysk	11
Diel II Taljochting op it referinsjeramt Frysk	33
Taheakke	47
Literatuer	51



Foaropwurd: Wurd mei op reis

It docht my tige deugd, dat dit referinsjeramt Frysk publisearre wurdt. De skoallen en de opliedings kinne der gebrûk fan meitsje foar it ûntwikkeljen fan learmiddels en toetsen en it kin brûkt wurde foar it stal jaan fan de learaarsopliedings foar basis- en fuortset ûnderwiis. De wurden 'referinsje' en 'ramt' sizze it dúdlik: dit is in ramt dat rjochting wiist nei de konkrete ynhâlden, de beskriuwings fan passend taalgedrach en ferwachte taaluterings yn de ûnderskate taalfearnichheden: ferstean, lêzen, praten/sprekken en skriuwen. It dokumint jout ek rjochting oan de trochgeande learline fan de basisskoalle nei it fuortset ûnderwiis; dat is winst foar de learkrêften en de learaars! It is fansels gjin 'stokramt' dat beheinings opleit; krektoarsom, de 'referinsjes' biede romte ta eigen ynfolling en maatwurk foar de skoallen en de learaars dy't te krijen hawwe mei in grut ferskaat oan learlingen – elk mei eigen taaleftergrûn en mooglikheden ta it oanlearen en it brûken fan it Frysk yn it maatskiplik libben, op fergelykber nivo as Nederlânsk, Ingelsk en oare skoalletalen.

It is ek goed, dat dit referinsjeramt Frysk no safier ûntwikkele is, dat it goed past by de referinsjeramten foar de mear as fjirtich oare talen yn Europa dêr't sa'n ramt foar gearstald is. De Ried fan Europa hat dêrta yn 1990 de foarstap nommen om better ynsjoch te krijen yn de nivo's fan taalbehearsking fan de ynternasjonale skoalletalen. Geandewei is dit pan-Europeeske projekt útgroeid mei referinsjeramten foar nasjonale talen en minderheidstalen lykas it Baskysk, Welsk en Frysk. Dêrtroch wurdt ynhâldlik in wichtige bydrage levere oan it ynsjoch yn de lykweardi-

gens fan dy talen. Mei help fan it referinsjeramt kinne de skoallen it skoalletaalbelied en it learplan dúdlik foarmjaan. De ûnderwiisûntwikkelders kinne it referinsjeramt brûke om de kwaliteit fan de learmiddels en de toetsen foar Frysk yn in grutter ferbân te pleatsen. Dat is ek nuttich foar de ûnderwiisynspeksje dy't mei dit referinsjeramt én mei de toetsen mear hâldfêst kriget oer de learopbringsten Frysk foar it earstfolgjende ynspeksjerapport nei it rapport *Tusken winsk en wurklikheid* út 2010. Fryslân hat namste mear ferlet fan in nij ynspeksjerapport oer de aktuele stân fan it ûnderwiis yn it Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis, no't it provinsjaal bestjoer yn 2014 fan de ryksoerheid it foech krigen hat om de keardoelen foar Frysk en de kompetinsjes fan de learkrêften foar Frysk fêst te stellen. Dat foech kinne wy allinnich mar yn praktyk bringe mei help fan goede rapportaazjes en betroubere analyzes dy't troch it ûnderwiisfjild as passend en rjochtingjaand beskôge wurde. Mei dizze publikaasje yn it ramt fan it projekt Evaluaasjesysteem foar it fak Frysk wurdt in goede stap setten op wei nei dat doel.

Ta beslút: as deputearre mei ûnder oaren Fryske taal en kultuer yn de portfolio, bin ik der grutsk op, dat dizze publikaasje en it projekt Evaluaasjesysteem foar it fak Frysk yn grutte ienriedigens útfierd wurdt troch it konsortium fan Afûk, Cedin en de lektoraten Taalgebruik en Leren en Frysk en Meartaligens yn Underwiis en Opfieding. Lokwinske dêrmei!

Jannewietske de Vries



Ynlieding

Dit *referinsjeramt Frysk* (rrF) is mei mooglik makke troch de Provinsje Fryslân as ûnderdiel fan it konsortiumprojekt Evaluaasjesysteem foar it fak Frysk. Foar dit referinsjeramt is it nasjonaal ekspertizesintrum foar learplanûntwikkeling (SLO) ynskeakele. It is basearre op it *Common European Reference Framework for Languages; Learning, teaching, assessment* (ERK; Council of Europe, 2001), dat wol sizze dat der fan dat ramt net ôfweken is.

It rrF is makke mei help fan Jan Berenst (NHL), Wim de Boer (Afûk), Sjoekke Faasse (NHL), Eelke Goodijk (Cedin), Ate Grijpstra (Afûk), Dorien Hamstra (Cedin), Bernadette Jager (Cedin), Reitze Jonkman (Bogerman College, NHL), Jurjen Kingma (NHL), Maaïke Pulles (NHL), Alex Riemersma (NHL), Janke Singelsma (obs De Opslach, NHL), Albert Walsweer (NHL).

Dit dokumint bestiet út twa parten:

- It *referinsjeramt Frysk* foar de domeinen Yn petear, Harkjen, Sprekken, Lêzen en Skriuwen;
- In taljochting op it rrF, dêr't koart yngear wurdt op de eftergrûn en opbou fan it ramt, wat it doel en de doelgroep derfan is en hoe't it brûkt wurde kin, de relaasje mei it *referentiekader taal* (foar Nederlânsk) en it plak derfan yn de meartige situaasje fan de skoallen yn Fryslân.

Theun Meestringa
Anita Oosterloo

DIEL I

It referinsjeramt Frysk

referinsjeramt Frysk: YN PETEAR

ASPEKTEN FAN DE TAAK	A1	A2	B1	B2	C1
Algemien					
Ynhâld/kontekst	Kin meidwaan oan in ienfâldich petear, mei as betingsten in stadich tempo, werheljen en opheljen. Kin ienfâldige fragen stelle en beäntwurdzje dy't te krijen hawwe mei in direkt ferlet of oer hiel fertroude ûnderwerpen.	Kin kommunisearje oer ienfâldige en alledeiske taken oer skoalle en frije tiid. Kin hiel koarte sosjale petearen folgje, mar faak net geande hâlde.	Kin sûnder ta te rieden dielnimme oan in petear oer praktyske saken en oer ûnderwerpen dy't fertroud of fan persoanlik belang binne of te krijen hawwe mei it deistich libben.	Kin meidwaan oan petearen oer ûnderwerpen út ynteresse- of fakgebiet. Kin it persoanlik belang oanjaan en fisys ferwurdzje en beärgumintearje.	Kin mei gemak meidwaan oan formele petearen foar sosjale en profesjonele doelen, ek oer abstrakte, komplekse of net fertroude ûnderwerpen.
Funksje/doel					
- fertelle	Kin ien deisizze, ôfskie fan ien nimme en betankje. Kin sizze hoe't it mei him/har is. Kin freegje hoe't it mei de oar is.	Kin mei kunde en frjemden in praatsje begjinne. Kin se groetsje en sizze dat it him/har spyt.	Kin sizze wat hy/sy fielt. Kin op gevoelens fan oaren reagearje. Kin immen gerêststelle.	Kin krekt oanjaan hoe't hy/sy him/har fielt. Kin goed reagearje op oaren dy't harren gevoelens uterje.	Kin adekwaat reagearje op fragen en opmerkingen.
- beskriuwe, ferklearje, ynstruearje	Kin him/har foarstelle. Kin om dingen freegje. Kin ynformaasje freegje of jaan. Kin dúdlik meitsje wannear't hy/sy wat net begrypt en freegje wat de oar bedoelt. Kin oerwei mei getallen en tiden. Kin reagearje op nijs.	Kin persoanlike ynformaasje freegje of jaan. Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje. Kin in oar oanwizingen jaan. Kin ienfâldige boadskippen dwaan of wat bestelle.	Kin útstellen dwaan om problemen op te lossen en besluten te nimmen. Kin mear detaillearre ynformaasje efterhelje en trochjaan. Kin oanwizingen freegje en se opfolgje.	Kin petearen fiere om (yn in groep) mei in taak of mei wurk te begjinnen of om dermei fierder te gean. Kin mear detaillearre ynformaasje krije.	Kin komplekse ynformaasje en advizen begripe en útwikselje. Kin him/har goed rêde yn fraachpetearen, as fraachsteller en as ûnderfreger.
- beskôgje, betooch hâlde	Kin sizze wat hy/sy wol en net leuk of lekker fynt en freegje wat oaren wol en net leuk of lekker fine.	Kin sizze wat hy/sy it leafste wol. Kin sizze wat hy/sy derfan tinkt.	Kin dúdlik kommentaar en in miening jaan. Kin in klacht fan oaren oannimme en trochdwaan.	Kin yn diskusjes goed meikomme. Kin yn in (telefoan)petear in probleem oplosse of in konsesje ôftwinge.	Kin ideeën en mieningen sekuer formulearje. Kin in formeel stânpunt op oertsjûgjende wize foar it ljocht bringe.
Tekstfoarm					
- dialooch	Ien-op-ien-petear mei help fan de learkrêft	Ynformeel (telefoan)petear	Saaklik (telefoan)petear Ynterview	Lykas B1	Oertsjûgjende en ûnferwachte (telefoan)petearen
- polylooch	Rûntepetear Underwiislearpetear	Ienfâldich petear	Oerlis, diskusje	Debat	Lykas B1

SKAAIMERKEN FAN DE TEKST	A1	A2	B1	B2	C1
Ynteraksje					
- beurt nimme	-	Nimt de beurt troch om oandacht te freegjen.	Begjint in ienfâldich petear, hâldt it geande en slút it ôf.	Nimt passend en efektyf de beurt. Brûkt standertsinnen om tiid te winnen.	Kiest passende frazen om de beurt te krijen, opmerkingen oan te kundigjen of tiid te winnen.
- gearwurkje	De kommunikaasje is folslein ôfhinklik fan werhelling, opnij formulearjen en korreksjes.	Jout oan wannear't hy/sy it petear folgje kin. Nimt net folle inisjatyf om de konversaasje geande te hâlden. Kin it petear noch net selsstannich oan 'e gong hâlde.	Werhellet foar in part wat immen sein hat om it te befêstigjen en foar de ynhâldlike fuortgong. Nûget oaren út om oan it petear mei te dwaan.	Helpt it petear of de diskusje op gong. Moediget de oar(en) oan en befêstiget dingen om it petear geande te hâlden.	Ferbynt syn/har eigen bydrage feardich oan dy fan oare sprekkers.

Sjoch fierder de skaaimerken fan de tekst by Sprekken en Harkjen.

referinsjeramt Frysk: HARKJEN

ASPEKTEN FAN DE TAAK	A1	A2	B1	B2	C1
Algemien					
Ynhâld/kontekst	Kin fertroude wurden en basissinnen begripe dy't oer him-/harsels, famylje en de direkte omjouwing geane.	Kin sinnen en de meast frekwinte wurden begripe dy't fan direkt persoanlik belang binne en de belangrykste punten folgje.	Kin de haadpunten begripe wannear't praat wurdt oer fertroude en aktuele saken út it eigen ynteressegebiet of fan persoanlik of beropsmjittich belang.	Kin de haadgedachten yn in langere tekst, lêzing en petear begripe oer konkrete en abstrakte ûnderwerpen en kin komplekse redenearringen folgje wannear't it ûnderwerp aardich fertroud is.	Kin in langere tekst, lêzing, diskusje en debat oer abstrakte en komplekse ûnderwerpen begripe. Kin spesifike ynformaasje helje út publike meidielingen fan minne kwaliteit.
Funksje/doel (harkje nei:)					
- fertelling, ferhaal	Kin in ienfâldich foarlêzen of ferteld ferhaal begripe.	Lykas A1	Kin in foarlêzen of ferteld ferhaal begripe.	Lykas B1	Lykas B1
- beskriuwing, ferklearring	Kin nammen, getallen en bekende wurden ferstean.	Kin begripe wêr't Friezen dy't mei-inoar prate it oer hawwe. Kin oankundigingen of in koarte útlis begripe.	Kin petearen en diskusjes yn it Frysk neikomme. Kin in beskriuwing begripe. Kin koarte praatsjes begripe. Kin ienfâldige, technyske ynformaasje begripe.	Kin de belangrykste ynformaasje út lessen en presintaasjes begripe. Kin meidielingen presys begripe.	Kin yngewikkelde ynformaasje begripe. Kin komplekse oankundigingen begripe.
- ynstruksje	Kin koarte, ienfâldige oanwizingen opfolgje.	Kin wat dwaan of meitsje wat in oar útleit.	Kin detaillearre oanwizingen folgje.	Lykas A2	Kin yngewikkelde ynstruksjes útfiere.
- skôging, betooch	Kin koarte, ienfâldige warskôgingen begripe.	-	-	Kin yn diskusjes de arguminten foar en tsjin folgje. Kin de belangrike punten út diskusjes en yngewikkelde betogen presys begripe.	Kin langere betogen begripe.
- oantekeningen	-	-	Kin oantekeningen meitsje of in list fan wichtige punten.	Kin oantekeningen foar him- of harsels meitsje.	Kin detaillearre oantekeningen meitsje dy't ek troch oaren brûkt wurde kinne.
Tekstfoarm					
- petearen tusken Friezen	-	Diskusje	Wiidweidige diskusje	Lykas B1	Komplekse ynteraksje yn diskusje of debat
- as lid fan in 'live' publyk	-	-	Direkte, koarte foardracht Oankundiging	Foardracht of taspraak	Foardracht, diskusje of debat
- op radio, telefyzje, dvd, ynternet	Koarte fideo's	Koarte en dúdlike berjochten In ienfâldich ferhaal op radio, telefyzje, fideo, dvd	Nijsberjochten Ienfâldige radio- en telefyzjeprogramma's	De measte nijs- en aktualiteitprogramma's It grutste part fan films	Telefyzjeprogramma's en films

SKAAIMERKEN FAN DE TEKST	A1	A2	B1	B2	C1
- tekstopbou	-	Kin as it nedich is ûnderbrutsen wurde troch werhellingen of nije formulearringen dy't frege wurde.	Kin bytiden ûnderbrutsen wurde troch werhellingen dy't frege wurde. Mei details.	De koers fan de diskusje wurdt oanjûn mei eksplisite sinjalen. Foarm kin kompleks wêze. Mei in soad details.	Kin bytiden ûnderbrutsen wurde troch in befêstiging fan in detail dêr't om frege wurdt. Ek net dúdlik strukturearre teksten, mei ymplisite ferbannen.
- taalgebrûk	Hiel ienfâldich taalgebrûk Lange skoften tusken de sinnen	Ienfâldich taalgebrûk	Ienfâldich en kompleks taalgebrûk	Kompleks taalgebrûk	Idiomatyske útdrukkingen en net dúdlik strukturearre sinnen
- lingte/doer	Koart	Lykas A1	Net al te lang	Kin langer wêze	Lykas B2
- tempo en artikulaasje	Soarchfâldich, hiel stadich en dúdlik	Helder, stadich en dúdlik	Frij stadich en dúdlik	Normaal tempo	Normaal oant flot tempo, ek min te ferstean

referinsjeramt Frysk: SPREKKEN

ASPEKTEN FAN DE TAAK	A1	A2	B1	B2	C1
Algemien					
Ynhâld/kontekst	Kin ienfâldige, benammen op harrensels steande frazen brûke om de wenomjouwing en famylje/kunde te beskriuwen.	Kin in rige útdrukkingen en sinnen brûke om yn ienfâldige wurden, famylje, oare minsken, libbensomstannichheden, oplieding te beskriuwen.	Kin aardich flot in dúdlike beskriuwing folhâlde oer ferskate ûnderwerpen dy't him of har ynteressearje.	Kin detaillearre beskriuwingen en presintaasjes jaan oer in breed skala fan ûnderwerpen dy't te krijen hawwe mei syn/har ynteressegebiet.	Kin dúdlike, detaillearre presintaasjes jaan oer komplekse ûnderwerpen.
Funksje/doel					
- fertelle	-	Kin wat fertelle.	Kin in helder ferhaal fertelle. Kin fertelle oer foarfallen en dêrby gefoelens en reaksjes beskriuwe.	Kin gearhingjende ferhalen fertelle. Kin ferslach dwaan fan ûnderfiningen en foarfallen.	Kin yngewikkelde ferhalen mei subtema's fertelle. Kin wiidweidich ferslach dwaan fan ûnderfiningen en foarfallen.
- beskriuwe, ferklearje, ynstruearje	Kin him- of harsels beskriuwe. Kin beskriuwe wêr't hy of sy wennet. Kin in bysûnder koarte tekst foarlêze, lykas in oankundiging.	Kin yn it koart beskriuwe hoe't hy/sy wat dwaan of meitsje moat of hoe't wat wurket.	Kin mieningen en reaksjes beskriuwe. Kin in heldere beskriuwing jaan. Kin details taljochtsje, saken útlizze en taljochtsje.	Kin detaillearre ynformaasje betrouber werjaan.	Kin útspraken krekt kwalifisearje as wier/net wier, wis/ûnwis.
- beskôgje, betooch hâlde	-	-	Kin in reaksje jaan op in boek of film. Kin yn it koart redenen en ferklearringen jaan foar mieningen en plannen.	Kin in stânpunt ûnderbouwe. Kin de foar- en neidielen jaan. Kin in argumintaasje stelselmjittich opbouwe.	Kin mieningen krekt kwalifisearje as leauwenswaardich of twiveleftich.
Tekstfoarm					
- monolooch (ûnderfiningen beskriuwe)	Oankundiging, meidieling	Beskriuwing Fergeliking Koarte, ynstudearre meidieling of presintaasje	Ienfâldige presintaasje Dúdlike oankundiging of meidieling	Presintaasje Spontane oankundiging Spontane meidieling	Kompleksere presintaasje Hiel flotte oankundiging of meidieling
- monolooch (in pleit hâlde)	-	-	In argumint	In argumintaasje	Lykas B2

SKAAIMERKEN FAN DE TEKST	A1	A2	B1	B2	C1
Gearhing					
- tekstopbou	-	-	Ferbynt ôfsûnderlike eleminten ta in gearhingjende liniêre rige fan punten.	Brûkt in beheind tal middelen foar gearhing. Bringt belangrike punten, foarbylden en details nei foaren.	Strukturearret goed, yntegrearret subtema's, jout in passende konklúzje.
- sinsbou	Brûkt liniêre bynwurden lykas 'en' of 'dan'.	Brûkt ienfâldige bynwurden lykas 'en', 'mar' en 'omdat'.	As A2	Brûkt ek komplekse sinsfoarmen.	Brûkt strukturepatroanen, bynwurden en oare manieren om gearhing ta stân te bringen.
Ofstimming op doel (sjoch de doelen by de taalaspekten)					
	-	-	Bliuwt trou oan it doel.	Past de tekstopbou oan as it doel yn de tekst feroaret.	As B2
Ofstimming op publyk					
- styl	Leit elemintêr sosjaal kontakt mei de ienfâldichste, alledeiske hoflikheidsfoarmen.	Brûkt alledeiske hoflikheids- en groetfoarmen yn koarte kontakten.	Brûkt alledeiske hoflikheids- en groetfoarmen yn koarte kontakten.	Giet flagrante flaters yn de formulearing út 'e wei.	Hantearret emosjoneel, dûbelsinnich en humoristysk taalgebrûk.
- register	-		Slacht acht op kulturele ferskillen.	Uteret him/har op by de situaasje passende wize.	Brûkt taal fleksibel en korrekt passend by de situaasje.
- responsiviteit		Jout, mei help, antwurd op dúdlike fragen.	Jout antwurd op inkele fragen nei oanlieding fan de presintaasje.	Jout antwurd op in rige fragen nei oanlieding fan de presintaasje.	Reagearret adekwaat en sûnder muoite op opmerkingen tuskentoch.
Wurden					
	Brûkt ienfâldige wurden en út 'e holle learde koarte sinnen.	Brûkt foldwaande wurden om deistige dingen te dwaan.	Brûkt in elemintêre wurdskat en omskriuwingen.	Brûkt mei wissens in foldwaande romme wurdskat. Moat soms om wurden sykje.	Praat troch de romme wurdskat sûnder beheiningen oer wat hy/sy te sizzen hat.
Taalfersoarging					
- fersteanberens	Kin mei in lytse ynspanning ferstien wurde troch minsken dy't dat wolle.	Is fersteanber, eventueel mei in aksint. Harkers sille sa no en dan om in werhelling freegje moatte.	Is dúdlik te ferstean, sels mei in aksint en sa no en dan in ferkeard útsprutsen wurd.	Sprekt dúdlik, mei in natuerlike yntonaasje.	Brûkt in ôfwikseljende yntonaasje. Leit de klam korrekt om betsjuttingsferskillen út te drukken.
- grammatikale korrektheid	Brûkt ienfâldige grammatikale konstruksjes.	Brûkt ienfâldige konstruksjes korrekt, mei systematysk elemintêre flaters.	Brûkt frekwintêre rûtines en patroanen frij akkuraat.	Sûnder flaters dy't de begryplikens yn 'e wei steane. Ferbetteret de measte flaters.	Flaters binne seldsum en wurde oer it algemien fuort korrijearre.
- floeiendheid	Brûkt koarte uteringen, mei lange pauzes dertusken om te sykjen nei minder bekende wurden en om steuringen yn de kommunikaasje te ferhelpen.	Brûkt koarte uteringen, mei lange pauzes dertusken, falske starts en nije formulearingen.	Lasket soms pauzes yn foar grammatikale en leksikale planning en foar it ferbetterjen fan flaters, foaral yn langere stikken frij produsearre tekst.	Produsearre tekst yn in frij fêst tempo, alhoewol't hy/sy soms siket nei patroanen en útdrukkingen. Pauzes komme noch mar selden foar.	Uteret him/har floeiend en spontaan. Allinnich in dreech ûnderwerp stiet in natuerlike, floeiende wurdestream soms yn 'e wei.

referinsjeramt Frysk: LÊZEN

ASPEKTEN FAN DE TAAK	A1	A2	B1	B2	C1
Algemien					
Ynhâld/kontekst	Kin hiel koarte teksten lêze troch fertroude nammen, wurden en wurdkombinaasjes te werkennen en as it nedich is op 'e nij te lêzen.	Kin koarte, ienfâldige teksten lêze dy't skreaun binne mei sawat allinnich frekwinte wurden.	Kin mei foldwaande begryp teksten lêze oer ûnderwerpen dy't te krijen ha mei syn/har ynteresse.	Kin selsstannich teksten lêze en past de lêsstyl en it lêstempo oan teksten en doelen oan.	Kin lange, komplekse teksten yn detail lêze, oft dy no wol of net op syn/har fakgebiet lizze, salang't hy/sy drege passazjes op 'e nij lêze kin.
Funksje/Doel (lêzen fan:)					
- fertelling, ferhaal	Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as der fisuele stipe by is.	Kin ienfâldige, persoanlike brieven begripe. Kin fiksje en literatuer belibjend lêze.	Kin de beskriuwing fan foarfallen, gefoelens en winsken begripe. Kin fiksje en literatuer werkennend lêze.	Kin eigentiidsk literêr proaza kritysk en reflektearjend lêze.	Kin literêre teksten ynterpretearjend en estetysk lêze.
- beskriuwing, ferklearring	Kin ienfâldige berjochten begripe.	Kin yn ienfâldige, alledeiske teksten spesifike, foarsisbere ynformaasje fine dy't hy/sy nedich hat. Kin de belangrykste ynformaasje begripe ('wêr giet it oer?').	Kin persoanlike en ienfâldige saaklike brieven en mails begripe. Kin de belangrike punten begripe.	Kin flot lange, komplekse teksten trochnimme en relevante details fine.	Kin op detailnivo profesjonele of akademyske teksten begripe.
- ynstruksje	Kin koarte, ienfâldich opskreaune oanwizingen opfolgje.	Kin ynstruksjes mei yllustraasjes begripe.	Kin dúdlik skreaune ynstruksjes begripe.	Kin komplekse oanwizingen begripe, mei ynbegryp fan betingsten en warskôgingen.	Kin lange, komplekse oanwizingen by in nije masine of prosedure op detailnivo begripe.
- skôging, betooch	-	-	-	Kin teksten oer hjoeddeiske problemen mei stânpunten en stellingen begripe.	Kin hâlding en útsprutsen of ymplisite mieningen werkenne.
- fiksje en literatuer	Printeboeken	Gedichten, koarte ferhalen, berneboeken	Langere ferhalen, jongereinboeken	Adolesinteboeken, ienfâldige literatuer foar folwoeksenen	Literatuer foar folwoeksenen, histoaryske teksten
- saaklike teksten	Meidielingen Oanwizingen Printeboeken	Folders, menu's, advertinsjes, e-mails Tsjinstregelingen, wurd- en telefoanboeken Koarte ynterviews en nijsberjochten	Nijsberjochten Kwart wedstriidferslach Persoanlike brieven Saaklike brieven Brosjueres	Artikelen Ferslaggen Ynstjoerde brieven	Spesjalisearre artikelen Rapporten

SKAAIMERKEN FAN DE TEKST	A1	A2	B1	B2	C1
- tekstopbou	Fisuele stipe	De yndieling stipet fisueel by it begripen fan de tekst. Teksten binne ienfâldich en helder fan struktuer.	Teksten binne goed strukturearre.	Lykas B1	Komplekse teksten mei lange gearstalde sinnen
- taalgebrûk	Heechfrekwinte wurden en koarte, ienfâldige sinnen	Heechfrekwinte wurden en wurden bekend út de eigen taal of behearrend ta de ynternasjonale wurdskat	Ienfâldich en alledeisk	Der binne gjin beheiningen, mits wurdboeken en sa foarhannen binne.	Leechfrekwint en spesjalistysk wurdgebrûk komt foar.
- lingte	Koarte, ienfâldige teksten	Koarte, ienfâldige teksten	Teksten kinne lang wêze	Spilet gjin rol mear	Lykas B2

referinsjeramt Frysk: SKRIUWEN

ASPEKTEN FAN DE TAAK	A1	A2	B1	B2	C1
Algemien					
Ynhâld/kontekst	Kin in koarte, ienfâldige meidieling dwaan.	Kin koarte, ienfâldige notysjes en boadskippen opskriuwe oer fertroude saken en foarfallen.	Kin in ienfâldige, gearhingjende tekst skriuwe oer ûnderwerpen dy't fertroud of fan persoanlik belang binne.	Kin in dúdlike, detaillearre tekst skriuwe oer in breed skala fan ûnderwerpen dy't te krijen hawwe mei syn/har ynteresses.	Kin him/harsels yn dúdlike, goed strukturearre tekst útdrukke oer komplekse ûnderwerpen en dêrby de klam lizze op foar him/har wichtige punten.
Funksje/doel					
- fertelle	Kin groetnissen oerbringe.	Kin immen foar wat betankje. Kin biografyske feiten werjaan. Kin in ienfâldich ferhaal of gedicht skriuwe.	Kin ûnderfiningen en yndrukken beskriuwe. Kin in ferhaal of gedicht skriuwe.	Kin it persoanlik belang fan ûnderfiningen en ympresjes oanjaan.	Kin wiidweidige, fantasyrrike teksten skriuwe.
- beskriuwe, ferklearje, ynstruearje	Kin wat oer him-/harsels of oaren opskriuwe. Kin in adres opskriuwe. Kin fragen oer himsels ynfolje.	Kin in persoan beskriuwe. Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn. Kin in standertformulier ynfolje.	Kin mieningen, gefoelens en reaksjes op foarfallen beskriuwe. Kin feitlike ynformaasje gearfetsje. Kin detaillearre fragen oer himsels ynfolje. Kin in fersyk opstelle.	Kin ynformaasje trochjaan. Kin ferslaggen meitsje. Kin in begryplike gearfetting meitsje.	Kin detaillearre rapporten en wiidweidige ferslaggen skriuwe. Kin gearfettingen meitsje fan yngewikkelde teksten.
- beskôgje, betooch hâlde	-	-	Kin feitlike ynformaasje becommentarje.	Kin kommentaar jaan op it nijs en fisys. Kin motivearje foar of tsjin spesifyk stânpunt. Kin in resinsje skriuwe oer in film, boek of toanielstik.	Kin yn in skôging ferbannen lizze en saken oanjaan. Kin wiidweidich stânpunten beärgumintearje.
Tekstfoarm					
- korrespondinsje	Kaartsje Ienfâldige e-mail	Ienfâldige persoanlike brief Chatsessy	Persoonlike brief E-mail, diskusje op ynternet	Saaklike brieven E-mail	Ynformele, saaklike brieven
- koarte teksten - formulieren - berjochten - oantekeningen	Ienfâldich formulier - -	Standertformulier - Oantekeningen foar him- of harsels	Lykas A2 Notysjes foar kunde Lykas A2	Lykas A2	Lykas A2
- lange teksten	-	-	Opstel of ferslach	Resinsje	Rapporten en ferslaggen

SKAAIMERKEN FAN DE TEKST	A1	A2	B1	B2	C1
Gearhing					
- tekstopbou	-	Jout in simpele opsomming, gronology fan punten.	Brûkt in opbou fan ynliding, kearn, slot. Ferbynt koarte punten ta in gearhingjende, liniêre opsomming.	Heldere opbou, bytiden yn langere stikken wat 'springerich'. Brûkt in beheind tal eleminten dy't de gearhing befoarderje.	Behearsket in ferskaat oan oarderingspatroanen. Brûkt in beheind tal eleminten dy't de gearhing befoarderje, ek yn lange gearstalde sinnen.
- brûken fan alinea's	-	-	Brûkt alinea's.	Foldocht oan standertkonvinsjes.	Is konsistint en befoarderet de lêsbereans.
- sinsbou	Ferbynt wurden en wurdgroepen mei 'en' of 'dan'.	Brûkt bekende bynwurden lykas 'en', 'mar' en 'omdat'.	Brûkt de meast foarkommende sinjaalwurden ('as', 'hoewol't') en ferwiiswurden ('dy't', 'dat').	Lykas B1	Behearsket bynwurden.
Ofstimming op doel (sjoch de doelen by de taakaspekten)					
	-	-	Bliuwt yn in ienfâldige tekst trou oan it doel.	Past de tekstopbou oan as it doel yn de tekst feroaret.	Lykas B2
Ofstimming op publyk					
- styl	Leit elemintêr sosjaal kontakt mei de ienfâldichste, alledeiske hoflikheidsfoarmen.	Brûkt alledeiske hoflikheids- en groetfoarmen.	Hantearret de wichtichste hoflikheidskonvinsjes (brief).	Giet flagrante flaters yn de formulearring út 'e wei.	Hantearret emosjoneel, dûbelsinnich en humoristysk taalgebrûk. Skriuwt yn in natuerlike, persoanlike, op de lêzer ôfstimde styl.
- register	-	-	Slacht acht op kulturele ferskillen.	Uteret him/har op by de situaasje passende wize.	Brûkt taal fleksibel en korrekt, passend by de situaasje.
Wurden					
	Brûkt elemintêre wurden en ienfâldige útdrukkingen.	Brûkt foldwaande wurden elemintêre behoeften.	Brûkt foldwaande wurden om him/har, eventueel in bytsje omslachtich, te uterjen oer fertroude ûnderwerpen.	Lit goede wurdskat sjen foar wat algemiene ûnderwerpen en eigen ynteresses oangiet. Wit werhellings foar te kommen troch fariaasje.	Lit in breed repertoire oan wurden sjen, dêr't hiaten mei oplost wurde kinne. Goede behearsking fan idiomatyske útdrukkingen.
Taalfersoarging					
- stavering	Skriuwt bekende wurden en koarte sinnen korrekt oer. Staveret persoanlike feiten korrekt.	Skriuwt koarte sinnen korrekt oer. Staveret wurden út eigen ûnthâld aardich korrekt.	Stavering is foldwaande korrekt om de tekst folgje te kinnen.	Stavering is aardich korrekt, mar kin bygelyks hollanismen fertoane.	Stavering is korrekt, útsein in inkelde ferskriuwing.
- ynterpunksje	-	Brûkt lêstekens dy't in soad foarkomme.	Ynterpunksje en lay-out akkuraat genôch om de tekst folgje te kinnen.	Ynterpunksje en lay-out binne aardich korrekt en foldogge oan standertkonvinsjes.	Ynterpunksje en lay-out binne konsistint en fersterkje de lêsbereans.
- grammatica	Brûkt in lyts tal ienfâldige grammatikale konstruksjes en út 'e holle learde útdrukkingen.	Brûkt ienfâldige konstruksjes, mar noch wol mei systematysk elemintêre flaters.	Frij korrekt brûken fan frekwinte rûtnes en patroanen dy't by foarsibere situaasjes hearre.	Lit in frij grutte behearsking fan de grammatika sjen. Der binne gjin flaters dy't de begryplikens yn 'e wei steane.	Konsekwint en akkuraat gebrûk fan de grammatika. Flaters binne seldsum.

DIEL II

Taljochting op it referinsjeramt Frysk

Oanlieding ta it ûntwikkeljen fan it rrF

In hiel skoft hawwe de keardoelen en eintermen it ramt west foar al it taalûnderwiis yn it primêr- en fuortset ûnderwiis. Foar it Frysk yn it basisûnderwiis hawwe de keardoelen te krijen mei mûnling taalûnderwiis, skriftlik taalûnderwiis en taalskôging. Foar it fuortset ûnderwiis wurdt in ûnderskie makke tusken Frysktalige en net-Frysktalige bern.

Kearndoelen sizze wat oer it ûnderwiis dat op syn minst oanbean wurde moat. Se sizze neat oer winsklike behearskingsnivo's. Eintermen yn eksamenprogramma's beskriuwe wol wat de learling kinne moat, mar dy fan vmbo en havo/vwo binne net yn relaasje ta elkoar formulearre. Kearndoelen en eintermen binne boppedat sûnt 2007 hiel globaal formulearre om skoallen autonomy te jaan. Sûnt 2014 hat de Provinsje Fryslân it foech om de keardoelen foar it Frysk fêst te stellen.

Omdat der ferlet ûntstie om mear fet te krijen op de winsklike behearskingsnivo's by de oergong fan de iene skoalle nei de oare, binne der foar Nederlânske taal (en rekkenjen) referinsjenivo's beskreaun yn it referinsjeramt Taal, dat sûnt 2010 wetlik jildt. Foar moderne frjemde talen biedt it *Gemeenschappelijk Europees Referentiekader voor Moderne Vreemde Talen* (ERK; Council of Europe, 2001 / Raad van Europa, 2006) in skaal om oer nivo's fan taalbehearsking prate te kinnen.

Yn it rapport *Foarstel foar in evaluaasjesysteem foar it fak Frysk* (Projektgroep Toetsen foar it Frysk, 2013) wurdt sein dat in evaluaasjesysteem foar it fak Frysk baat hat by in

kurrikulum dat gearhing en dúdlikheid jout en in solide basis is foar it byhâlden fan de foarderingsen yn it learen fan taal. Dat slút oan by de konklúzjes yn it ynspeksjerapport *Tusken winsk en wurklikheid* oer de stân fan saken oangeande it Frysk yn p.û. en f.û.: 'Der wurdt yn ferhâlding net folle tiid bestege oan it ûnderwiis yn de Fryske taal en dêrom is it de fraach oft yn dy koarte tiid alle keardoelen Frysk foldwaande oan bod komme kinne. (...) De keardoelen binne net fertaald yn behearskingsdoelen foar de ûnderskate learlingegroepen en de behearsking fan de Fryske taalfearnichheden is dêrtroch net fêst te stellen.' (Inspectie 2010, side 62-63). Kontakten tusken basisûnderwiis en fuortset ûnderwiis hâlde net oer en liede net ta in trochgeande line tusken beide ûnderwiissectoaren. It rapport jout as oanbefelling om behearskingsdoelen fêst te stellen foar de ûnderskate learlingegroepen. Dan kinne skoallen dúdlik meitsje wêr't sy mei de learlingen nei ta wurkje en kin der ek wurke wurde oan in trochgeande line nei it fuortset ûnderwiis.

It konsortiumprojekt Evaluaasjesysteem foar it fak Frysk hat de opdracht jûn om in *referinsjeramt Frysk* te ûntwikkeljen mei behearskingsdoelen foar learlingen yn it basis- en fuortset ûnderwiis. Dat ramt wurdt hjir yn it koart taljochte.


Lêswizer

Haadstik 1 jout in beskriuwing fan it *referinsjeramt Frysk*. Yn haadstik 2 geane wy yn op de gebrûksmooglikheden fan it referinsjeramt. Yn haadstik 3 sit in mear sekuere

beskriuwing fan de relaasje fan it *referinsjeramt Frysk* mei it *Europees Referentiekader* fan de Rie fan Europa en it *referentiekader taal*, dat foar it Nederlânsk yn de wet ferankere is (OCW, 2010). Yn haadstik 4 ferantwurdzje wy de opsjes dy't wy keazen hawwe om it ramt op dy wize foarm te jaan. En yn haadstik 5 beskriuwe wy hoe't dat (ientalige) ramt funksjonearje kin yn de meartalige situaasje op de Fryske skoallen.

1 ■ Wat is it referinsjeramt Frysk?

Yn it *referinsjeramt Frysk* (rrF) steane beskriuwingen fan de kwaliteiten fan learlingen op it mêd fan kennis, ynsjoch en feardichheden oangeande it Frysk. Der binne fiif nivo's: nivo A1, nivo A2, nivo B1, nivo B2 en nivo C1. Dy nivo's komme oerien mei de nivo's út it *Europees Referentiekader voor Moderne Vreemde Talen*, it ERK. Nivo A is it nivo fan de basisbrûker, nivo B dat fan de ûnôfhinklike brûker en nivo C is it nivo fan de betûfte brûker.



Figuer 1 – It systeem fan it Europeesk Referinsjeramt (út: www.erk.nl)

Utgongspunt by it fêststellen fan in nivo is wat ien sjen litte kin yn it Frysk. Dêrom binne de nivobeskriuwingen útwurke yn 'ik kin-bewearingen'. Yn oerienstimming mei it ERK beskriuwt it rrF feardichheidsnivo's fan taalbehearsking yn termen fan taalomfang (wat moast kinne, yn hokker konteksten en foar hokker doelen?), taalkompleksiteit en korrektheid (hoe goed moast it kinne?).

Yn it rrF steane nivobeskriuwingen foar mûnlinge en skriftlike taalbehearsking, nammentlik foar: harkjen, sprekken, lêzen, skriuwen en it hawwen fan petearen. Foar elk fan dy domeinen binne de nivobeskriuwingen op deselde wize útwurke: in part giet oer de aspekten fan de taalzaak dy't learlingen útfiere en in part giet oer de skaaimerken fan de tekst dy't learlingen produsearje of lêze/beharkje.

Aspekten fan de taak

Figuer 2 jout in oersjoch fan de ûnderdielen dy't ûnder 'Aspekten fan de taak' yn it rrF beskreaun binne.

ALGEMIENE OMSKRIUWING:	Hjir stiet in algemiene nivo-omskriuwing dy't op de ynhâld en/of de kontekst slacht.
FUNKSJE/DOEL:	Hjir steane 'ik kin-bewearingen' oer wat immen kin yn relaasje ta it doel. De bewearingen binne oardere oan 'e hân fan de sjenres: fertelling en ferhaal, beskriuwing en ferklearring, ynstruksje, en skôging en betooch.
TEKSTFOARM:	Hjir steane foarmen fan taalgebrûk.

Figuer 2 – Aspekten fan de taak

Skaaimerken fan de tekst

Om it oerstallich werheljen fan teksten foar te kommen binne de skaaimerken fan de tekst foar mûnlinge taalfeardigens en foar skriftlike taalfeardigens yn gearhing beskreaun. Dat hâldt yn dat wat der by Sprekken (monolooch) stiet en logyskerwize ek op Yn petear (dialooch, polylooch) slacht dêr net nochris neamd is. Dus wat der by Sprekken stiet oer it doel fan de tekst, de ôfstimming op it publyk, de wurden en de taalfersoarging, jildt ek foar Yn petear. It hoecht ek net twa kear ûnderwiisd te wurden. Wat gearhing oangiet is der wol ferskil, dat wol sizze: ast yn petear bist komt der wat by, nammentlik de beurtferdieling en it gearwurkjen en dan sil de tekstopbou wat minder relevant wêze. Figuer 3 hjirûnder jout in oersjoch fan de beskreaune eleminten foar mûnling taalgebrûk.

SKAAIMERKEN FAN DE TEKST: MÛNLING		
SPREKKEN:	Gearhing	Tekstopbou, Sinsbou
	Doel	
	Publyk	Styl, Register, Responsiviteit
	Wurden	
	Taalfersoarging	Fersteanberens, Grammatikale korrektheid, Flotheid
YN PETEAR:	Ynteraksje	Beurt nimme, Gearwurkje
HARKJEN:		Tekstopbou, Taalgebrûk, Lingte/doer, Tempo en artikulaasje

Figuer 3 – Skaaimerken fan de tekst, mûnling

Ek by de skriftlike feardichheden Lêzen en Skriuwen is nei gearhing yn de beskriuwing socht. Figuer 4 jout in oersjoch fan de eleminten dy't beskreaun binne foar skriftlik taalgebrûk.

SKAAIMERKEN FAN DE TEKST: SKRIFTLIK		
LÊZEN:		Tekstopbou, Taalgebrûk, Lingte
SKRIUWEN:	Gearhing	Tekstopbou, Gebrûk fan alinea's, Sinsbou
	Doel	
	Publyk	Styl, Register
	Wurden	
	Taalfersoarging	Staving, Ynterpunksje, Grammatika

Figuer 4 – Skaaimerken fan de tekst, skriftlik

2 Doelen en tapassingen fan it referinsjeramt Frysk

Yn de klasse kin it rrF it nivo fan taalbehearsking fan it Frysk sichtber meitsje foar learling en learaar. Learlingen kinne - eventueel mei ienfâldige útwurkings fan it ramt - sjen wat se al kinne en ek wat se dwaan moatte om in heger behearskingsnivo te heljen. It jout harren mooglikheden ta selsbeoardieling en selsplanning. It jout leararen in ramt by it jaan fan feedback en stipe oan in learling. It jout ek de mooglikheid om te differinsjearjen: learlingen kinne oan dyselde aspekten fan taal wurkje dêr't se (mear) training by nedich hawwe.

Foarbylden fan útwurkingen op nivo binne op ferskillende plakken te finen: yn it *Taalportfolio foar learlingen yn Fryslân*, de checklists foar de fiif domeinen op www.slo.nl, yn de publikaasje *Taalprofielen* (Liemburg & Meijer, 2004), dêr't elke ik-kin-beskriuwing fan it ERK yn foarsjoen is is fan ferskillende foarbylden, yn de op 'en nij besjoene *Taalprofielen* (meikoarten op www.erk.nl) en de foarbylden fan assessmenttaken op www.slo.nl.

Yn de skoalle is it rrF foar de taalkoördinator en it team in helpmiddel by it fieren fan taalbelied. Sy kinne harren (taal) ûnderwiis yn it Frysk ôfstimme op de taaleftergrûn en de taalfeardigens yn it Frysk fan harren learlingen. It jout ek de mooglikheid om de prestaasjes fan learlingen te ferge-lykjen, ûnderinoar en mei dy fan oare klassen.

Troch de nivobeskriuwingen fan A1 oant en mei C1 kinne trochrinnende learlingen realisearre wurde fan primêr ûnderwiis nei fuortset ûnderwiis (en fierder). By de waarme oerdracht fan learlingen fan de basisskoalle nei de skoalle foar fuortset ûnderwiis kin aardich yn detail trochjûn wurde hokker nivo oft de learling op de ûnderskate (sub) feardichheden hat, sadat de learaar Frysk dêr yn it f.û. op fierder bouwe kin.

Skoalbestjoeren kinne it rrF brûke foar it ûntwikkeljen fan belied en foar rapportaazjes oer de opbringsten fan it ûnderwiis yn it Frysk.

Foar oplieders is it rrF in paadwizer by it foarm jaan fan it kurrikulum Frysk op de oplieding. Trochdat it rrF oanslút by it ERK en it *referentiekader taal* wurdt yntegraasje fan it Frysk yn it taleûnderwiis sichtber.

Foar de ynspeksje jout it rrF in ramt om yn de folle breedte (alle domeinen) en lingte (ûntwikkeling) nei de taalfeardigens yn it Frysk fan learlingen te sjen.

It rrF jout ûntwikkelders/ûntwerpders fan learplannen, metoaden, lesmateriaal en evaluaasjeinstruminten in ramt om te wurkjen oan in gearhingjend kurrikulum. Yn de taheakke by dit dokumint wurdt bygelyks de relaasje útwurke tusken sintraal ûntwikkele evaluaasje- en toetsynstruminten en it *referinsjeramt Frysk*.

3 ■ Relaasje mei it ERK en it referentiekader taal

It rrF is direkt ôflaat fan it ERK. De nivobescriuwings A1 oant en mei C1 komme yn prinsipe oerien mei de nivobescriuwings yn it ERK. Nivo C2 fan it ERK is net opnommen, omdat dat akademyske nivo foar it basis- en fuortset ûnderwiis net relevant is. Yn it ERK binne op guon plakken ek tuskennivo's beskreaun; dy hat it rrF ek net.

By de formulearring fan it rrF is yn it foarste plak de boarne fan de Rie fan Europa brûkt en de earder neamde publikaasje *Taalprofielen*.

Yn ferbân mei de hantearberens foar de brûkers hat it *referentiekader taal* (Nederlânsk) de basis west foar it op 'en nij oarderjen fan de nivobescriuwings. De yndieling fan it rrF slút dus oan by it *referentiekader taal*: der is krekt as yn dat referinsjeramt earst in algemiene omskriuwing, folge

troch 'Skaaimerken fan de taak' en 'Skaaimerken fan de tekst'. De 'Skaaimerken fan de taakútfiering' út it *referentiekader taal* binne yn it rrF beneamd as 'Skaaimerken fan de tekst'.

By it wurkjen mei it *referentiekader taal* blike de teksten fan it referinsjeramt net altyd like maklik te lêzen. Dat wie oanlieding om dat referinsjeramt per domein útinoar te raffeljen en op 'en nij oersichtlik te oarderjen. Sa ûntstiene der

Kijkwijzers; beter zicht op het referentiekader taal, dy't ynset wurde kinne by it ynskalen fan opdrachten en it beoardieljen fan learlingprestaasjes (SLO, sûnder jier). Dy *Kijkwijzers* binne by it ûntwikkeljen fan it rrF brûkt om de nivobescriuwings oersichtlik te oarderjen.

4 ■ Utgongspunten by it ûntwikkeljen fan it referinsjeramt Frysk

By it ûntwikkeljen fan it rrF is gebrûk makke fan al it materiaal dat earder yn it ramt fan it ERK foar it Frysk ûntwikkele is:

- *Taalportfolio voor leerlingen in Fryslân* (Balk e.o., 2005) (Checklists A1 – C1; Basearre op *Taalprofielen* (mvt en Nt2))
- *Ramtlearplan Frysk yn it fuortset ûnderwiis* (Popkema & Jongsma, 2007)
- *Hoe beoordeel je taalprestaties van leerlingen en hoe formuleer je opdrachten in relatie tot het ERK?* Brosjuere (A1 – B2; Meestringa & Van Kleunen, 2008)
- *Nivobeskrivings ERK* (A1 – B1; Goodijk, 2012)

By it ûntwikkeljen hawwe fierder ûndersteande útgongspunten liedend west:

- Sa koart en helder mooglik
 - Kin-formulearrings by Algemien en Funksje/doel: omdat it stribjen koart om 'e hoeke wie, binne der allinnich by de algemiene nivobeskriving ('ynhâld/kontekst') en by de beskriuwing fan de funksjes/doelen fan de taak 'kin-formulearrings' brûkt; de oare kategoryen hawwe te krijen mei ferbysûnderingen fan dy taakaspekten.
 - Teksttypen by Tekstfoarm: de kategory 'Tekstfoarm' jout foarbylden fan de sjenres ûnder 'Funksje/doel'; it giet hieltyd om teksttypen dy't yn it ERK yn de nivobeskrivings of yn it Taalportfolio neamd binne.

- Utfiering by de Skaaimerken: yn it *referentiekader taal* binne 'Tekstskaaimerken' en 'Skaaimerken fan de taakútfiering' twa aparte kategoryen yn de nivobeskrivings. Yn it rrF binne dy gearfoege ûnder 'Skaaimerken fan de tekst'.
- Oanslute by it *referentiekader taal*
 - Foar it gebrûksgemak is derfoar keazen om sa na mooglik oan te sluten by de opset fan it *referentiekader taal*. Foar de oardering is gebrûk makke fan de *Kijkwijzers* (sjoch ek hjirboppe ûnder 3).
- Aspekten fan de taak; funksje/doel
 - By alle domeinen is de útwurking itselde, op grûn fan de neifolgjende yndieling yn sjenres: fertelling, ferhaal; beskriuwing, ferklearring, ynstruksje; skôging, betooch.
- Ekstra omtinken foar ferhalen: fiksje/literatuer
 - By de omskriuwing is gebrûk makke fan de opbou en terminology fan Theo Witte dy't ek by *Lezen voor de lijst* brûkt wurdt (www.lezenvoordelijst.nl), op de wize sa't dat ferwurke is yn it *referentiekader taal*, subdomein 'Lezen van narratieve, fictionele en literaire teksten'.

5 ■ De meartalige kontekst

It rrf rjochtet him op ien taal, it Frysk, sa't it *referentiekader taal* him rjochtet op it Nederlânsk en it ERK der foar ûnder mear it Ingelsk is. Dat wol net sizze dat de talen sekuer skieden fakjes binne by de learlingen en op skoalle. Troch de mienskiplike boarne en systematyk kriget de gearhing tusken de talen stal. Yn fisys op twa- en meartalich ûnderwiis is in stadige ferskowing te sjen fan in ientalich nei in meartalich perspektyf. Yn dat meartalige perspektyf giet it om de útwreiding fan it repertoire fan minsken, wêrby't wat yn de iene taal leard is yn oare situaasjes en by oare talen brûkt wurde kin.

It is benammen de sosjale kontekst dêr't taal yn brûkt wurdt, dy't beskiedend is foar it taalgebrûk fan in sprekker en foar de betsjutting fan de taal dy't brûkt wurdt. 'ffw88' ropt bygelyks fuortdaliks de kontekst op fan sosjale media en benammen dy fan sms en chat. Yn guon fermiddens is it gebrûk fan sokke ôfkoartingen hiel normaal en wurdt it sels ferwachte. Tsjinoer oare brûkers fan sms sil sa'n ôfkoarting in iroanysk effekt hawwe, bedoeld om immen glimkje te litten. Yn de wachtkeamer by de húsdokter jout it lykwols gjin skik as de assistinte de pasjint taropt: 'even wachtsje'. Dêr sil men earder sinnen ferwachtsje as: 'Nimme jo eefkes sit yn de wachtkeamer...'. It kin ek sa wêze dat it gebrûk fan it Frysk dêr bysûnder is en krekt brûkt wurdt om in kalmearjende ynfloed te hawwen.

It giet yn it meartalich perspektyf dus net om de ferskillende talen of taaleleminten op himsels, mar om situaasjes dêr't taal yn brûkt wurdt: 'taalpraktiken'. Yn sa'n taalpraktyk brûkt men de iene kear de iene taal, styl of register en

it iene sjenre en de oare kear de/it oare. Men krijt dus in groeiende rige taalmiddels ta jins foldwaan, dy't harren nut hawwe yn ferskillende situaasjes. De ferskowing fan in ientalich nei in meartalich perspektyf betsjut in ferskowing fan omtinken foar de taal op himsels as frij dea ynstrumint nei taalpraktiken út it perspektyf fan de taalbrûker wei en nei it kreatyf en funksjoneel gebrûk fan talen (repertoires) yn ferskillende taalpraktiken.

Meartaligens is dynamysk

Karakteristyk foar it ientalige perspektyf is dat nei twataligens sjoen wurdt as nei twa aparte talen. It begryp 'twadde taal' wurdt faak yn twa betsjuttingen brûkt: it kin gean om elke taal dy't nei de memmetaal leard wurdt en it kin gean om de te learen taal dy't de omgongstaal is fan de taalmienskip dêr't de taallearder yn ferkeart. 'Frjemde taal' stiet dan foar in taal dy't net sprutsen wurdt yn de taalmienskip dêr't er yn ferkeart.

Wannear't it learen fan in twadde taal syn beslach kriget yn in kontekst wêryn't de earste taal in hegere status hat as de twadde taal (bygelyks wannear't Nederlânsktalige bern ûnderdompele wurde yn it Frysk), dan is dat in geunstich betingst foar it ûntwikkeljen fan twataligens. Dat wurdt additive of mearderjende twataligens neamd. Sa'n twadde taal sil net liede ta bedriging foar of ferskowing fan de earste taal; der komt in twadde taal by de earste taal. Lizze de statusferhâldingen tusken de beide talen oarsom (bygelyks wannear't Frysktalige bern ûnderdompele wurde yn it Nederlânsk), dan kin by sokke bern in omkearde

situaasje ûntstean: de earste taal fan de bern wurdt dan yn en bûten de skoalle te min wurdearre en ûntwikkele. De memmetaal wurdt ûnder druk fan de twadde taal, dy't mear status hat, bedrige. Dit wurdt wol subtraktive of minderjende twataligens neamd.

Sokke modellen fan mearderjende en minderjende twataligens binne net hielendal befredigjend mear om de talige kompleksiteit fan no te beskriuwen. Nije migraasjes yn de ôfrûne tsien, tweintich jier, globalisaasje en nije technologyen freegje hieltyd mear fan minsken om mei-inoar te kommunisearjen yn wikseljende meartalige en multymodale situaasjes. Multymodaal wol bygelyks sizze: sawol yn byldmateriaal - al of net bewegend - as yn printe tekst en lûd. Twataligens of meartaligens is mear as 'dûbele ientaligens', mear as in optelsom fan twa of mear talen, fan twa ientaligen feriene yn ien persoan. Meartaligens is in dynamysk proses dat funksjonearret en him ûntwikkelet yn ferskillende konteksten. It giet mei oare wurden om it yntegrearre en funksjoneel brûken fan meartalige repertoires yn in situaasje om it ferrin fan de kommunikaasje te stypjen. Dit wurdt ek wol oantsjut mei translanguaging: in strategysk en dynamysk proses fan it konstruearjen fan betsjutting en it krijen fan begryp, ynsjoch en kennis yn meartalige taalpraktiken troch it fleksibel en funksjoneel brûken fan mear as ien taal yn ferskillende situaasjes (Garcia & Li Wei, 2014). Dêrby is it fansels noch wol sa dat ferwachte wurdt datst in – troch de skoaljierren hinne tanimmende – behearsking fan de ferskate doeltalen sjen litte kinst.

Taallearders bouwe mei oare wurden in meartalich repertoire op, wêrby't se it iene better yn de iene taal kinne sille en it oare yn in oare taal. Taallearders kinne tusken talen wikselje, wêrby't se de talen fan harren repertoire behannelje as in yntegrearre systeem: dat is watst sjochst, it is gjin swakte, mar in krêft dy't by it taallearen brûkt wurde kin. It giet dus net mear om in taallearder dy't in twadde of

tredde taal derby leart, min of mear apart fan de earste en fan elkoar, mar om taallearders as meartaligen dy't leare om taal te brûken yn meartalige praktiken, wêrby't net altyd dúdlike grinzen lutsen wurde kinne tusken de ferskillende talen, stilen en registers; it giet om taalwinning op in taalkontinuüm.

In meartalige didaktyk

In meartalige didaktyk bout fierder op de sterke taalkanten fan de learling. Learlingen leare by it learen om fan harren folsleine taalrepertoire gebrûk te meitsjen en net om allinnich mei taallearen dwaande te wêzen. By it lêzen bygelyks brûke se ferskillende talen om ta in better begryp te kommen, der binne meartalige wurdmuorren yn 'e klasse, der binne lêsbouken en tydskriften yn ferskillende talen, by de aktiviteiten fóár it formeel praten en skriuwen meie alle talen brûkt wurde om de praat- of skriuwtaak sa goed mooglik ta te rieden, de learaar lit sjen dat er soepel fan taal wikselje kin sûnder talen te ferhaspeljen, ensfh.

Troch te stribjen nei in brede ôfstimming fan it rrF op it *referentiekader taal* en it ERK draacht it rrF by oan de betingsten foar sa'n translinguale praktyk, wylst it tagelyk de taalbehearskingsdoelen dêr't nei stribbe wurdt útdruklik omskriuwt.

Taheakke referinsjeramt Frysk en toetsing

Oanslutend op it rrF wurdt yn it konsortiumprojekt Evaluaasjesysteem foar it fak Frysk in gearhingjend pakket fan evaluaasje- en toetsynstruminten ûntwikkele. Beoardieljen helpt it ûnderwiis foarút as it de learlingen stipet by it learen. It wurdt oan ien stik troch dien, ûnder de lessen (formatyf), wêrby't de learling opbouwende feedback krije kin, en op syn tiid summatyf om te sjen hoefier oft de learling ûnderwilens is. Yn beide foarmen is it rrF op de eftergrûn it referinsjeramt foar de beoardielingen.

Neist de sintraal ûntwikkele ynstruminten kin de learaar sels ek ynstruminten ûntwerpe foar it beoardieljen fan de prestaasjes fan learlingen, bygelyks yn de foarm fan by it nivo passende opdrachten en rubrics. Sjoch foar foarbylden fan sokke assessmenttaken by Meestringa & Van Kleunen (2008).

Yn dit ûnderdiel wurde de nije sintraal ûntwikkele toetsfoarmen taljochte en yn relaasje brocht mei it rrF. It giet om

ûndersteande ynstruminten:

1. Observaasje ynstrumintarium mûnlinge taalfeardigens en skriuwfeardigens
2. Frisatoets
3. Lêsbegryptoets
4. Metoadebûne toetsen by de digitale metoades foar it primêr- en fuortset ûnderwiis.

By elk ynstrumint wurdt hjirûnder oanjûn om watfoar type toetsynstrumint oft it giet (A) en op hokker part fan it *referinsjeramt Frysk* oft it slacht (B).

1. Observaasje ynstrumintarium mûnlinge taalfeardigens en skriuwfeardigens

A. Type ynstrumint

It observaasje ynstrumintarium is makke foar it folgjen fan de ûntwikkeling fan de mûnlinge taalfeardigens en skriuwfeardigens fan learlingen yn it basisûnderwiis en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Mei dit ynstrumint kinne learkrêften harren learlingen folgje op wei nei de 'folsleine' behearsking fan in sjenre, yn in meartalige situaasje dêr't Frysk en Nederlânsk (en eventueel Ingelsk) neistelkoar brûkt wurde yn it ûnderwiis.

It is bedoeld foar learkrêften yn it basisûnderwiis en dosinten yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis.

It bestiet út observaasjelisten foar ferskillende sjenres fan mûnlinge taalfeardigens (sawol monologysk as dialogysk) en skriuwfeardigens.

B. Relaaasje mei it referinsjeramt Frysk

It observaasje ynstrumintarium is in útwurking fan de domeinen petear, sprekken en skriuwen op nivo A1 o/m B2. It giet dêrby benammen om inkelde spesifike tekstsoarten (sjenres) dy't meielkoar (hast) alle funksjes/doelen fan de oanbelangjende domeinen dekke.

De observaasjelisten kinne foar elk sjenre in ûntwikkeling sjen litte fan bygelyks A1 o/m B2.

Foar it domein Yn petear wurde observaasjelisten ûntwikkele foar de neifolgjende tekstfoarmen / sjenres: partisipearjen yn in fantasijspul, partisipearjen yn in learsum

petear (yn in lytse groep), ynterview, oerlis, diskusje (beslútfoarmjend en mieningfoarmjend).

Foar it domein Sprekken wurde observaasjelisten ûntwikkele foar de neifolgjende tekstfoarmen / sjenres: neifertellen (fan in ferhaal, mei printen derby as stipe), mûnlinge presintaasje, mûnling betooch, mûnlinge ynstruksje, boekbesprek.

Foar it domein Skriuwen wurde observaasjelisten ûntwikkele foar de neifolgjende tekstfoarmen / sjenres: skriftlik ferslach, brief mei fersyk om ynformaasje, skriftlike ynstruksje, resinsje, nijsberjocht en skriftlik betooch.

By elk sjenre wurde skaaimerken beskreaun dy't op in line skoard wurde. Wêr't dat mooglik is, wurde de skaaimerken keppele oan beskriuwingen yn it rrF en wurde de ferskillende nivo's (A1 o/m B2) op de line markearre. Sa is te sjen wêr't in learling is yn syn/har ûntwikkeling. Foar elk sjenre wurde sawol sjenrespesifike skaaimerken beskreaun as algemiene taalgebrûksskaaimerken.

2. Frisiatoets

A. Type ynstrumint

De Frisiatoets is in digitaal ôf te nimmen toets dy't de taalkennis fan it Frysk op it mêd fan idioom, syntaksis, morfology en semantyk mjit. De toets bestiet út sechstich items en elk item hat fjouwer antwurdmooglikheden. Mei-inoar foarmje dy items in frij betroubere en falide skaal om it taalkennisnivo fan learlingen fêst te stellen.

De Frisiatoets kin brûkt wurde as ynstaptoets en as folchynstrumint. De toets jout in yndruk fan wat de learlingen witte fan de Fryske taal. Hoefolle oft dat seit oer hoe goed oft sy it Frysk brûke kinne, is ûnwis. It jout in yndikaasje fan it nivo en dat kin de learaar helpe om it programma op de learling(en) ôf te stimmen. Troch de toets troch de jierren hinne in pear kear ôf te nimmen kinne de learaar en de learling(en) ek in yndruk krije fan de fuortgong.

De bedoeling is om fan de toets in (Frys)lânlik noarmearre

ynstrumint, in standerttoets, te meitsjen.

B. Relaasje mei it referinsjeramt Frysk

It ynstrumint is in útwurking fan guon ûnderdielen fan it rrF:

- it domein Lêzen; Skaaimerken fan de tekst; Taalgebrûk;
- it domein Skriuwen; Skaaimerken fan de tekst; Wurden en Taalfersoarging.

De toets is bedoeld foar groep 7 fan it basisûnderwiis oant en mei groep 3 havo/vwo en groep 4 vmbo. De toets jout in útslach foar de nivo's A1 oant en mei B1+.

De bedoeling is om der noch in part oan ta te heakjen foar 'op wei nei A1', B2 en C1.

3. Lêsbegryptoets

A. Type ynstrumint

De Lêsbegryptoets is in pakket mei folchoetsen foar de feardigens begripend lêzen, ornearre foar learlingen fan groep 6 oant en mei klas 3 fan it fuortset ûnderwiis.

De toetsen wolle de feardigens fan lêsbegryp mjitte op in skaal dy't keppele is oan it rrF mei help fan mearkarfragen. Yn de toets wurde Fryske lêsteksten oanbean, dêr't nei it lêzen fragen oer steld wurde dy't it begryp fan de ynhâld fan de tekst oanbelange.

It ynstrumint is folslein digitaal en wurdt fuortdaliks automatysk troch de kompjûter neisjoen. Nei it meitsjen fan in toets krijt de learling in lêsskoare Frysk en in rrF-oantsjutting foar syn/har lêsprestaasjes foar dat momint.

B. Relaasje mei it referinsjeramt Frysk

Dizze Lêsbegryptoets is in útwurking fan it domein Lêzen op de nivo's A1-C1. Yn de toetsen binne meastens twa rrF nivo's útwurke.

De teksten binne op nivo yndield op basis fan de beskriuwingen ûnder 'Skaaimerken fan de tekst'. Mei de

mearkaritems is besocht de beskriuwing fan de feardigens ûnder 'Aspekten fan de taak' yn byld te krijen.

Yn it toetsepakket komme ferskate tekstsjenres oan bar.

Yn de toetsen foar it basisûnderwiis leit de klam mear op fiksjeteksten, wylst foar it middelber ûnderwiis mear omtinken is foar ynformative teksten en teksten oer persoanen. Foar de hegere learjierren en nivo's komme ek skôgingen (B2-nivo) oan bar.

By dit ynstrumint wurde foaral de folgjende ûnderdielen fan it rrF brûkt:

Funksje/doel (lêzen fan):

- Fertelling (fiksje-teksten);
- Beschriuwing (saaklik-ynformative en persoanlik-ynformative teksten).

Tekstfoarm:

- Fiksje (foar de legere klassen);
- Saaklike teksten;
- Skôging (foar de hegere klassen).

4. Metoadebûne toetsen by de digitale metoades foar it primêr- en fuortset ûnderwiis

A. Type ynstrumint

As ûnderdiel fan de digitale metoades foar it primêr- en fuortset ûnderwiis wurde op basis fan it referinsjeramt Frysk foar alle domeinen toetsen of oare foarmen fan evaluaasje makke. De útkomsten fan dy evaluaasjes komme foar de dosint en de learling digitaal beskikber, sadat se dy brûke kinne by it learen en ûnderwizen.

De ynstruminten binne foar in grut part formative evaluaasjes, wêrby't de útkomsten learlingen en dosinten stypje en stjoere yn harren lear- en ûnderwiisproses. De útkomsten kinne streekrecht opnommen wurde yn it digitale learlingfolchsystem, dat keppele wurdt oan de digitale learmjouwing.

Der wurdt gebrûk makke fan nije foarmen fan metoadebûne evaluaasje, sa as toetsen, observaasjes, *peer assessment* en *adaptive edukative games*. Ut it idee wei dat troch it dwaan fan oefeningen it learen ek folge wurde kin (*assessment for learning*), sil it sammeljen fan bewizen fan de fuortgong fan it learen hieltyd trochgean en ek opnommen wurde kinne yn it digitale learlingfolchsystem.

B. Relaasje mei it referinsjeramt Frysk

De evaluaasjes binne keppele oan de nivo's (A1-B1) en de domeinen fan it rrF:

- Lêzen
- Skriuwen
- In petear
- Sprekken
- Harkjen



Literatuer

- Balk, J., Benus, A., van der Bij, P., Bonset, H., Hoekstra, A., Hoekstra, G., Jonkman, R., Kooistra, P., Olivier, J., Meestringa, T., Moore, L., Oosterloo, A. & Riemersma, A. (2005). *Taalportfolio voor leerlingen in Fryslân*. Enschede: SLO.
- Council of Europe (2001). *Common European Reference Framework for Languages; Learning, teaching, assessment*. Cambridge: Cambridge University Press.
- Garcia, O. & Li Wei (2014). *Translanguaging; Language, Bilingualism & Education*. Basingstoke: Palgrave Macmillan.
- Goodijk, E. (2012). *Nivobeskriuwings ERK*. Drachten: Cedin (net publisearre).
- Inspectie van het Onderwijs (2010). *Tusken winsk en wurklikheid; de kwaliteit fan it fak Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis yn Fryslân*. Utrecht: Inspectie van het Onderwijs.
- Liemburg, E. & Meijer, D. (red.) (2004). *Taalprofielen*. Enschede: Nationaal Bureau Moderne Vreemde Talen.
- Meestringa, T. & Van Kleunen, E. (2008). *Hoe beoordeel je taalprestaties van leerlingen en hoe formuleer je opdrachten in relatie tot het ERK?* Enschede: SLO (<http://www.slo.nl/organisatie/recentepublicaties/00013/>).
- Ministerie van OCW (2010). Besluit van 17 juni 2010, houdende vaststelling van referentieniveaus Nederlandse taal en rekenen. In: *Staatsblad* 2010 / 265.
- Popkema, J. & Jongsma, H. (red.) (2007). *Ramtlearplan Frysk yn it fuortset ûnderwiis*. Ljouwert: Afûk.
- Projektgroep Toetsen foar it Frysk (2013). *Foarstel foar in evaluaasjesysteem foar it fak Frysk*. Ljouwert: Afûk.
- Raad van Europa (2006). *Gemeenschappelijk Europees Referentiekader voor Moderne Vreemde Talen: Ieren, onderwijzen, beoordelen*. Den Haag: Nederlandse Taalunie.
- SLO (2005). *Checklist gesprekken voeren, lezen, luisteren, schrijven, spreken*. Enschede: SLO (<http://www.slo.nl/VO/Tweedefase/Vakken/Fries/>).
- SLO (2007). *Assessments Taalportfolio Frysk*. Enschede: SLO (<http://www.slo.nl/VO/Tweedefase/Vakken/Fries/>).
- SLO (z.j.). *Kijkwijzers; beter zicht op het referentiekader taal*. Enschede: SLO (<http://www.slo.nl/organisatie/recentepublicaties/00133/>).

